

1e JIERGONG No. 1

JANNEWARIS 1946

DE TSJERNE

Litterair Tydskrift

ÛNDER REDAKSJE FEN

F. J. BERGSTRA
J. PIEBENGA
F. SCHURER
D. A. TAMMINGA
A. S. WADMAN

UTJEFTE

DE TSJERNE
LJOUWERT

BIGOT & VAN ROSSUM N.V.
AMSTERDAM

DE TSJERNE forskynt ientis yn'e moanne, hja is de foartsetting fen de illegael forskynde „Rattelwacht“.

Abonnementspriis f 10.— jiers. Losse jeften f 1.50.

Administraesjeadres: L. KERKHOF, Baginestrijtte 40, Ljouwert. Tillefoan 5783. Gironûmer 140395.

Redaksjeadres: F. SCHURER, Adm. de Ruyterweg 286 III, Amsterdam-West.

Kopij ljeafst yn mesineskrift, oars dúdlik hânskrift.
Postsegels for andert ynslute.

Ynhâld nú 1:

FEDDE SCHURER . . .	De binig forbritsen.
D. A. TAMMINGA . . .	De Pionier. De Flagellant.
FREARK DAM	Madonna.
FEDDE SCHURER . . .	Petear mei God. Psalm XLV.
ANNE WADMAN . . .	Ballade fen de Poëtes Maudits. Moanne oer iis.
SJOUK KOOPMANS . .	Fen'e Wêmoed.
MARTEN SIKKEMA . .	1944 In Memoriam.
K. O. MEIJER	Lofffront.
SJOERD SPANNINGA .	Maria Magdalena.
A. DEELSTRA	For Ub.
ANNE WADMAN . . .	Kronyk fen it Proaza.

De kopij foar dizze jeftje wie meastepart al setten doe't de nije staveringsfoarskriften útkamen.

Yn ús twadde jeftje hoopje wy ús nei dizze rigels to hâlden en to dragen.

FEDDE SCHURER:

DE BINIG FORBRITSEN

De Fryske biweging hat syn Frisiatiid hawn, en syn Holder-tiid, en sels in tiid fen De Holder en Frisia togearre. En dernei, yn de neffens forhâlding greate stream fen Fryske útjeften, gjin litterair tydskrift mear. Wol publikaesjemûglikheit. Hwa't in novelle hie ef in bondel gedichten koe dy kwyt by de Frisiarige, mar der wier dochs yn it lytse Fryslân in soarte fen namme nedich om it safier to bringen.

It wêzentlike bigjinwirk lykwols, it earste fers, de earste skets dêr't de jonge skriuwer yn hope en freze mei úteinset, moast ûnderkommen fine yn de biwegingsblêdden De Stim fen Fryslân en it Jongereinblêd, yn de selskipstydskriften Fryslân en Yn ús eigen Tael, ef yn it algemiene moanneblêd It Heitelân. Nim it in oankommend litterair kinstner, tipel-sinnich wêzen det er is, kwea, det er him mei syn wirk ûnwennich fielt twisken kriteforslaggen en adfortinsjes fen V.S. pipermint en breukbannen.

Gefolch fen dizze litteraire diaspora wier it miskearjen fen it kriticysk apparaet. It ûnrant woechs mei de weet op, en drige dy to forsmoaren. De niisneamde blêdden wierne grif net de oanwiisde organen ta it sa needsaeklike wjudderswirk. De sljuchtwei lêzer hie gjin nocht oan det gehottefyl; woene de redaksjes al ris tofolle de litteraire kant út, den wierne dêr de wize bistjûren fen de útjaende lichems dy't moannen: populair, populair, biljeaven populair; tink om it smeudige stikje, tink om de meditaesje, tink om'e berne- en skaekrubriken! En hja hiene gelyk, hwet oars. Dizze blêdden moasten hjar wol bigrinzgje ta in oankindiging ef in ynhâldsexposê. De strange muze fen 'e kriticyk heukere bûtendoar om en swei.

En hwa scil de mûzen it dounsjen bihinderje as dizze kat fen hûs is? Gjûn niget det gûn skriuwers ta it mismoedich ein-bislút kamen, de biweging wier oan it forwirden.

Neat lykwols wier minder wier as ditte. De Fryske biweging, krektoarsom, bilibbe in tiid fen bloei as nea tofoaren. Hja libbe yn en mei it folk. Fryske cursussen en kampen kamen der

yn mannichte, de bitsjutting fen it Frysk yn it iepenbiere libben woun oan, nije organisaesjes mei greate fiersichten waerden stifte, der gyng in weach fen Frysk libben oer itâlde lân.

En der wier in net to bistiljen frage nei Fryske boeken: de lêshûnger fen in folk det krekt syn analfabetisme to boppe kommen is. Fierders fielden men ho langer ho klearder det Fryslân net op himsels stie, mar bihelle wier yn alle greate fragen fen wrâld en tiid.

Economy, sociology, polityk — det wierne de dingen dêr't binammen ús studearjende jongerein it Fryske ho en hwet fen witte woe.

As men yn dy tiid for in Frysk studinteselskip in lêzing hold oer dichtkinst, den forlei it petear him yn in omsjuch fen de sonnetten fen R. P. Sybesma nei it Russyske fiifjierreplan, ef, in pear jier letter, skeakele men sûnder erch oer fen Gerben Brouwer op Jan Melles v. d. Goot. De frage: sjongt Fryslân? wier wurden: libbet Fryslân?

By de Fryske biweging sa't wy dy nou kenne hat de litteratuer yn 'e foarhoede stien, wier de dichter wachter en pionier; de stim fen 'e roppende, sjender fen hwet komme moast, mar der yette net wier. Hy wier liedend en wêzentlik illemint yn 'e biweging, dy't yette sa'n útspritsen litterair karakter hie, det Sipke Húsmans yn 1920 sizze koe: „For ien goed dichter lit ik tsjien karbrieven waeije.” Det scil hjoed gjin forantwirdlik lieder mear sizze. De biweging nammers hat yn 'e rin fen 'e jierren in oar oantlit krige, en de litteratuer in oare bitreklike wearde; hja is net mear it ien en it al yn it biwegingstotael. It is langer net de dichter, dy't út de aerd fen 'e saek it liedende plak ynnimt; hy is forfongen troch de ingenieur. En dy lit, en det moat er, for in goede konstruksje tsjien dichters waeije.

De skriuwer hat syn tsjinst as wêzentlike biwegingsfactor dien; de biweging moat hjar losmeitsje fen hjar erflike litteraire bining en eigen brede wegen gean.

Dit mei somlike romantici ta mankelikens stimme, de measten ûnder ús hawwe foldwaende realiteitsbigryp om to fors'ean det it sa moast en net oars, en ek om yn to sjen det hjir in

biskiedend stuit oanbritsen is. Ingenieur en dichter geane elk hjar eigen wei. Net allinne de ingenieur, ek de dichter. Ek by him is de bining tobritsen, en hy is frij wurden.

Frij fen it biwegingsapparaet. De litteratuer hat net mear aldereerst in propagandistyske opdracht yn tsjinst fen 'e nationale saek, hja is der net inkeld om de minsken to oertsjûgjen fen de treflikens fen dit ef de needsaek fen det; hja hoecht der net mear op út om mei alle minderfielen fen 'e provinsiaal to demonstrearjen det men mei it Frysk dochs ek by dit en by det, like goed as mei in oare tael dit en det en yette mear dwaen kin, hja hoecht net mear to tsjûgjen fen hjar ûnbidige ljeafde for dingen dy't it program foarskriuwt. Ien ropping bliuwt hjar oer, greaternôch for in lyts libben: ús forhâlding to registrearjen ta it wûnder; ta de natûr, ta de minske, ta God. Dizze bining tobritsen, is hja ien fen wêzen mei alle litteratuer to wrâld, neaken en warleas en frij springt hja to foaren as de Idé yn de teikenroman fen Frans Masereel. Allinne yn dizze frijheit kin hja libje; allinne op dit ynternationale plan kin hja wearde krije for it nationale libben.

En frij is hja ek wurden fen de nachtmerje fen it diletantisme. Ja, hwent yn it litteraire tiidrek fen 'e biweging wier it sa, det elk dy't him fen Fryslân roppen fielden fen miening wier det er dy ropping omsette moast yn in forhaeltsje ef in rymstikje. Sinnige det de redaksjes dy't der mei opknapt waerden net, den loek men yen toloarsteld tobek en die net mear oan „it Frysk”. En det wier yette it ginstichste gefal. Mar al tofolle is der de lêste tiid yn en bûten Fryslân in soarte fen folkskinst oanpriizge, dy't mei kinst neat to meitsjen hie en woekere op regionalisme en folklore. In needsaeklik hjirmei mank geand forskynsel wier it smeulen op 'e kinst „mei in greate K”, it gespytgnyssk oer de inkelde krigele keardels dy't karakterfol oan it wirk bleauwen mei lytse oplagen. Gjinniget det der by ôfstompe smaek en it heechsetten fen 'e foarkarlezens in gekring op 'e boekemerk ûntstie sûnder ein. Hwet lette it eft men skriuwe koe, eft men byldze koe, eft men komponearje koe, eft men Frysk koe ef net? Soks

mocht men rêstich oerlitte oan de forspijde litteraten; in bern koe omers de wask dwaen!

It is driuwend nedich tsjin dizze vûlgarisearring fen 'e eabele skriuwkinst wer to kommen mei de elementaire easken fen taelfirdigens en suverens: det is wol it minste.

En sa binne wy, Fryske skriuwers en dichters, hjir nou mei ús eigen tydskrift, De Tsjerne. Krysttiid 1943, midden yn 'e oarloch, hawwe wy yn Snits by surrogaetkofje en eigenboude tabak it bislút ta stifting nommen. Nimmen wist hwenear it komme scoe, mar det it komme moast stie fêst. Yn '44 lieten wy de Rattelwacht útgean, illegale dou út de Fryske arke. Hy is weromkommen mei it oliveblêd fen 'e frede; de Tsjerne kin oangean. Forwachtsje gjin wiidweidich program ef djipgeande bigjinselfklearring; men wirdt yn Fryslân op sok ding ferge as men der ienris mei kommen is. Dit scil in litterair tydskrift wêze, net mear en net minder. Wy fortsjintwirdigje gjin rjuchting ef streaming, mar ûnderskate rjuchttings en streamings scille by ús fortsjintwirdige wêze.

It scoe forliedlik wêze mei it each op it debút oan to kindigjen det wy in tydskrift bringe wolle dêr 't elts hwet fen syn gading fynt, en det de Tsjerne yn gjin inkelde Fryske hûshâlding ûntbrekke mei. Om toloarstelling foar to kommen wolle wy foartdaelk sizze det dit it doel net is. Wy achtsje de hûshâldings dêr 't de Tsjerne ûntbrekke scil der gjin hier minder en gjin hier minder Frysk om.

Net it hiele Fryske folk fergje wy op oandacht, mar inkelde hjarren dy 't bilangstelling hawwe for litteratuer. Alderearst scil hjir oan it wird dy jongerein, dy 't foar en yn de oarlochs- jierren opkommen is, en dy 't it fortsjinnet om oanharke to warden.

Us skriuwers scille yn dit tydskrift wer in laboratoarium fine, wirkwinkel for it stylexperiment, for it nij bisiikjen.

De ergewaesje scil net útbliuwe; wy binne dy yn it foar treast. Wy witte det men it net „mei ús iens” wêze scil. Ek wy binne it yn forskate dingen geastdriftich ûniens, mar hjiryn binne wy it mûrrefêst iens, det it de Fryske litteraire kinst ûnweardich is as evacuê hjir en dêr to heukerjen; det hja in eigen hûs hawwe scil.

Us wirk is trijeliddich: skeppend, foarljochtsjend en kritysk. By it twad neamde scille wy ek ús omtinken gean litte oer hwet der bûten Fryslân forskynt, binammen yn Hollân, yn Ingelân, yn Skandinavië en yn Yslân. Fierders wolle wy it bigryp „litterair” net to ing opfetsje, mar ek artikels jaen oer toaniel, muzyk, film, byldzjende kinst en boukinst, al scil tonearsten de pompierkrapte ús ta bigrinzing twinge.

Ho noflik it fortellen ûnder 'e hagedoarn wêze mochte, de fortelder hat rjucht op in toaniel mei foetljochten. Ho earber it wêze mei to sjongen op 'e strjthoeken, ús sjongers scille bûtendet in ôfsletten konsertronte hawwe mei sfear en accoustyk.

Fierders gjin greate warden, oars net as dizze twa, like ienfâldich as nij: Frijheit en skientme.

„It totale leger triek foarby —”

It is wer moarn oer Fryslân. De Rattelwacht hat ophâlden: de Tsjerne giet.

D. A. TAMMINGA:

DE PIONIER

Hjir naem in ein it lûde skrikbiwâld
Fen tiid en ûre, minske en machine.
It libben wol wer inkelfâldich skine.
In beammen hûs oan oerbosk ieuwenâld,

In frou, in eker; en yn 't binnenst wâld
De stim fen kloer en tosk dy't elkoar fine.
Ik stean yn dream dêr't de lianen wine
En priizgje stil de wet fen selsbihâld.

En hja dy't sêft en út myn ribbe boud
Is, bakt it goede brea en fandleet hout.
En waerme jachtbût hinget oer to brieden.

Ik rûk it wyld, ik bûg my swijend oer
De jonge frucht, en 'k hear fen toer ta toer
Al klokken from oer de lânsdouwe lieden.

(for P. P. M.)

D. A. TAMMINGA:

DE FLAGELLANT

Sprinkhoanne en wyld huningskiven deis
En nachts in ingel dy't myn lippen roerde.
Untboun it boetekleed en 't weeldrich fleis
Kastijende mei girdle en giselroede,

Sa wit ik my in spylbal fen Gods woede.
De mannichte komt gear op 't merkeplein.
In wrâld baernt him tonein yn reade gloede.
Hja toarkje op my en roppe: Unrein, ûnrein!

Mar op 'e joun wiuwt ien myn wounen koel.
Ik wit my bern fen in forkeazen folk.

Yn mimer liz ik drinkend oan in poel,
En 'k reizgje God tomjitte op Syn wolk.

De kimen spjalte en in wrâld moat stjerre:
Hja scil de koekút net mear roppen hearre.

FREARK DAM:

MADONNA

For Pytsje

Yn 't Easten stiicht in stille stjer:
Ik wit it wer, it wit it wer,
Det, hwer 't ik rinne of reizgje mei
Dyn ljocht giet noait wer by my wei.

Stil en meilydsum stoar de dei,
Dyn treast giet oer de klingen mei,
De lange tsjustre leanen troch
As ik dyn treast wer blinken sjuch.

En dit giet boppe Wet en Wird.
Fier is 't, dochs nei en goed en great.
Myn eigen flam is neat dêrby
En ljochtsje 'k al, 'k wjerspeegljje dy.

O sang yn 't rythme fen it bloed:
It lok is nei, it lok is hjoed!
Dyn skyn is sa sereen en stil
Det ik dyn hannen op my fiel.

Wêz groete dou, wêz groete dou.
Forjow my, det ik bid en leau;
Det ik dyn macht bikenne moast,
Dit ivich stjerrebyld: dyn each, dyn boarst.

Yn 't Easten stiicht in stille stjer:
Ik wit it wer, ik wit it wer.

Ut de to forskinen bundel
„Under fjouwer eagen”

PETEAR MEI GOD

Foun op in fallene Amearikaenske soldaet

Sjuch, God, noch nea ha'k mei Jo praet, mar nou
Woe'k hast wol sizze: God, ho is 't mei Jo?
Hja ha my destiids leard, der wier gjin God;
En ik, healwizernôch, ik leaude det.
Mar nou seach ik fennacht, nei 't striidgeroft,
Ut in granaetküle yn Jins stjerreloft.
En 'k wist, hja hiene 't lychd. Ho koe 'k ek sa
En hâld myn eagen for Jins wûnders ta?
Ik bin binijd, God, eft Jo nei safolle
Dom ûnbigryp my noch de hân jaen wolle,
Mar djip yn my ha'k dochs sa'n fêst gefoel
Det Jo forsteane ho't ik 't krekt bidoel.
Moast'k derfor earst yn dizze hel bidarje,
En kin'k Jo hjirwei pas yn de eagen stoarje?
Hawar, myn wîrden dogge'r ek net ta —
Mar ik bin bliid det ik Jo metten ha.
Faeks is't for my mei gauwens neare nacht,
Miskien det strak myn lêste ûre slacht,
Mar'k bin net bang as ik it libben lit,
Nou 'k Jo dochs altyd om en by my wit.
Dêr is't signael: nou God, ik moat derhinne.
't Is sa wol goed, Jo scill' Jo net forsinne.
Hwa wit, ('t scil heislik op in fjuchtsjen gean)
Eft ik fennacht net foar Jins drompel stean.
Myn libben stelde Jo grif slim toloar —
Scill' Jo my lykwols opwachtsje oan Jins doar?
Sjedêr, ik skriem — det wier'k allang ûntwend:
Hwerom ha'k Jo ek al dy tiid net kend?
Kom God, ik moat nou nedich foart; good bye —
't Is goed, ik bin net bang mear om hjirwei.

Fortaling Fedde Schurer

FEDDE SCHURER

PSALM XLV

Set yn, myn sang, det neat dyn lûd bistillet,
Noudet my 't hert fen goede wirden trillet,
Myn tonge is as in feard'ge skriuwerspin,
Nou 't ik myn dicht in kening wijje kin.
O ljeaflikste ûnder alle minskeherten,
De minlikens is op Jins lippen getten,
Dêrom hat God yn Jo syn ginstling foun,
En Jo syn seine en lok for ivich jown.

Nou hingje, o Helt, Jins blinkend swird op side,
Strui hope yn 't hert fen al hwa 't hoopleas stride,
Haw heil! Ryd út, bisljuchtsje 't hillich pleit
Fen wierheit, dimm'nens en gerjuchtheit!
Ryd út en hearskje hearlik as de sinne,
En liz Jins ljocht oer alle folken hinne!
Jins greate krêft scil alle tsjinwar slaen,
Jins rjuchterhân scil wûnd 're dieden dwaen!

Fûleindich scil Jins skerpe pylken flymje;
De folken dy 't hjar dryst tsjin Jo forgrymje
Hja falle ûnder Jo; hj' ûntkomme net;
Jins flits kringt kenings fijân rjucht yn 't hert.
De troan dêr 't Jo, o God, as kening sitte,
Scil ivich fen gjin fal noch wank'ling witte,
De hearskerstêf dy 't yn Jins hannen leit,
In scepter is 't fen rjucht en binlikheit.

Mei hate yn 't wrokjen fen 'e goddeleazen,
Ha Jo gerjuchtheit ta ljeafste keazen,
Dêrom hat God, Jins God, Jo útforkard.
Dêrom is Jo de hill'ge salving bard
Mei freugde-oalje boppe al Jins broerren.
Nou klinkt muzyk út de elpenbiennen toerren,
Nou waait ús út Jins klaed de swietrook ta
Fen myrrhe en aloë en kassia

Prinsessen skitterje yn Jins pronkjuwielen:
De keninginne, it neist Jins ear to dielen,
Stiet glânzgjend yn it goud fen Ofirs lân
Forhege en hearlik oan Jins rjuchterhân.
O, hâld dyn ear nei him, o dochter, harkje!
Lit al dyn langsten op dy weagen farkje!
Jow hiel dyn herte oan dy sill'ge rûs —
Forjit dyn lân, dyn folk, dyn heitehûs!

De kening woe dyn skientme, o faem, bigeare —
Fal him to foet; hy is dyn foarst en heare!
Sjuch, Tyrus' dochter draecht dy jeften ta;
De rykste ealljue wol dyn ginsten ha.
Wêz' hiel de omjowing skitterjend en glindich,
De breid is kleare hearlikheit ynwindich.
Hjar staesje past op 't ynderlik bistean:
Fen eal en kostber goudtried bin hjar klean.

Yn steat en sier, mei prachtich bûnt bihinge,
Sa scil men strak hjar ta de kening bringe.
Jongfammen efter hjar; yn njue en nocht
Wirde ek hjar boarters by Jo binnenbrocht.
Wól mei hjar jubelsang en blydskip liedel
Dit heil is 't alderheechste heil op ierde.
Mei harpeklank, by goud en flonkerskyn,
Gean hja de troanseal fen'e kening yn.

Strak scille yn âffears plak Jins soannen wêze,
Men scil hjar nammen ûnder de earsten lêze,
En Jo, Josels, scille oan Jins rjuchterhân
Hjar sette as foarsten oer Jins ljeaflik lân.
Jins namme, heech boppe alle skatten achte,
Dy bring ik yn 't ûnthâld fen slachte oant slachte,
En alle folken scil Jins majesteit
Erkenne en earje en loovje yn ivichheit.

ANNE WADMAN:

BALLADE FEN DE POETES MAUDITS

For Tamme Tysker

Sa lokjend driuwt de langstme ús
sa wreed brekt eltse dream oan grús,
det wy him net forneare kinne,
mar fij fen ljeafde en sûnder thús,
mank skoaijersfolk en moardgespús
mei lietsjes lâns de doarren rinne.

Wy toarkje om troch stoarm en rein
en fiele ús skoudere en forslein,
mar kinne wy 't net langer hirde,
den sjonge wy ús waerm refrein,
ynmoedich ont de bittere ein,
al scil 't forhúnd, forachte wirde.

Wy slepe, keal en sûnder skut,
bienbitich, rudich, rûch fen bird
ús bonkerak lâns libbens skerne.
En binn' wy siik fen 't eigen wird:
wy skikke heukrich om 'e hird
by Frâns Viïlon, Rimbaud, Verlaine.

Wy swarre trou oan dea en drank;
oan divel, hel en swevelstank
winskje w' ús faei bistan bisibbe.
Mar as wy rymkje, o wiffe klank,
den spiele wy ús sielen blank
mei hwet oan reinens yn ús libbe.

Prins, flok ús nêst Villon en dy
mei 'n glimp fen dichterlik geny,
as lêste fen Jins rynske ginsten:
Meitsje ús in krûm poète maudit,
ta eare fen de poëzy,
de simpelste fen alle kinsten.

(Ut: Op Koart Front)

ANNE WADMAN:

MOANNE OER IIS

Dit wier de twade kear det ik yn Maeike eagen stoarre as
nei in fiere kym. Dy earste kears wierne wy bern yette, jierren
forlyn. Nou wier se hjir wer, in hast folwoechsen frou ynsté
fen it bluisterige opslûpen fanke fen do. Yn it doarp gie se
foar in wyldekat, mar det giet men sa gau yn 'e mûle fen 'e
skynhilligen en fen dy 't net iepenlik wrokje doare oer it forlies
fen 'e jonkheid. Ik mei dy wyldekatten wol.

Us wegen wierne út elkoar gien en nou krústen se elkoar
wer for in joun. Frjemd, nei safolle jierren, as siet der in
Hegere Macht efter. Mar ik leau net yn 'e mystyk fen Hegere
Machten. Nou siet hja nêst my, hjar hân yn mines, as hearde 't
sa en scoe 't nea net wer oars. Under it taffeltsje leine hjar
redens, op hjar skoat de greate grize tûmwanten. Hjar wangen
wierne read, nuvere reminescinsje oan it bjinstap. En hjar
eagen doarmen ûnrêstich, sa hwet freegjend om help. Hwent
hja wier bang en woe hjar wol, lyts, efter my forskûlje. Ik wier
dyjinge dy 't helpe moast en in keardel útmeitsje, det like net
bêst. Op in distânsje siet Germ, myn grouwélige tsjinstanner,
dy 't gjin each hie for it sportive elemiint yn dizze striid. Hy
seach oan ien tried wei ús kant oer, mei in each der 't hate yn
glinstere. En me koe sjen det syn fûsten fen stiel wierne,
grouwe boerefeinteknûsten, der 't myn bleke yntellektuele-
hannen tiermerige stêdsjifferkes by útmakken. Tsjin him,
Germ, moast ik in famke biskermje dêr 't ik saeklik sjoen gjin
bilang by hie en det godwyt hwet for riedselaftich bilang by
my hie, noedlik ûndernimmen as men for in freedsum en
humaen minske opbrocht is. In nuvere sitewaasje: hwent hwet
hie ik tsjin dy jonge, hwet stie my yn 'e wei om yn noarmale
stân fen saken syn maet to wêzen? Ik koe de jonge amper.
Sa kin men yen sels yn 'e fingers snije, om in ding fen neat,
in casu in geastlike krêftmjitting der 't in bidroefden bytsje
eare oan to biheljen foel. It kaem nou inkeld en allinnich omt
it Maeike in oerdwealsk momint hage hie him to bidonderjen,
en my, hjar der ta oan to setten. It gyng sa: earst dounse se
mei him, tige knoffelich en houten, letter mei my, ryklik stiif

tsjin my oan en min of mear mei graesje. Do krige ik it yn 'e plasse en freegje oft hja mei my woe, dy jouns. Hja sei: Ja wol, mar Det wier alles, dúdlikernôch oars, hwette Do gie ik nêst hjar sitten en iderkear dounse hja mei my, yn myn earms en oan myn hert. Ik hie de kliemske wirden mar for 't gripen, det eins net iens nedich west hie. It wier sa'n maklike oerwinning, det ik koe der mei de bêste wil net greatsk mear op wêze. Mar dochs: trochspylje mar, toan dyn akteurs-talinten, lit dy net kenne. Ik spile, yn bloedigen earnest, it spil lei my wol en loek my ek, ik siet allinne slim mei Germ oan-klaud. Hy like net in noflikienien.

Hja streake hjar hân oer mines, as in lytse foreale kat. Hja dronk út hjar romer en út mines, hold him tsjin 't ljocht en lake my ta. Ik wist wol hwet det laitsjen bitsjutte:— dit is wer krekt as dy oare kears, dy simmerjoune oan 'e feart, do 't wy frijden en máljagen yn en om in hea-opper, ta de nacht út, wyld en jong en oerstjûr. Mar det wier foarby, al sa lange jierren, it fornuvere my hyltyd wer det ik it my yette sa klear to binnen bringe koe. En dochs: foarby. For my tominsten.

— Hwet scil it weze?

— Jow my noch mar hwet fen det gûd, sei hja. It smakke dos wol wakker skoan. Hja lake tsjin my en ik seach dyselde rige lytse wite feninige toskan dy 't my do sa gek makke hiene. Do

— Hast dyn wynbrauwen skeard, Maeike?

Hwerom andere hja nou forheftich: Nê, skodzjend de ljochte krollen, wylst elkenien sjen koe det it al sa wier?

Hja lake wer, — om my to mislieden? O det sniewyt fen dy toskan, det it my nou neat mear makke

— Dou bist in skat, Maeike.

— Det wist ik wol, Geart, oars hie 'k net mei dy gien joun. Tomûk reizgen hjar eagen efkes de kant fen Germ oer, me koe noait witte, n't wier?

— Wistst noch wol fen dy oare kears, do dêr yn 't hea by de feart?

— O ja, do mei dy skipper, nou, dy 't ús

— Skipper?

Nê, der kaem gjin skipper oan ús frijerij to pas, wel nê.

Dos: hja wier it hiele gefal al sa'n bytsje forgotten. Hearlik fanke. Alhowol

— Nê, gjin skipper.

— Gjinn skipper? O nê ommers, det wier do mei

— Nou, siz opl!

— O, mei Berend, leau 'k.

— Soa.

Ik like wrychtsjes wol jaloersk op dy Berend, sa fyn ynlein grimitich kaem det „Soa" der út. Hja gyng der op yn:

— Hwerom: Soa?

— Neat ju.

— Of fynst it slim det ik do mei Berend west ha?

— Och, wel nê ju, ik ken dy hiele Berend net. Of is 't sims ien fen 'e Goeskes fen 'e Pôlle?

— Ik leau it al. Kom jonge, dounsje, — hjir.

Goed, wy dounsen, wakker deun tsjin elkoar oan. It wier waerm en rikkerich en stonk nei kuil. Der spile in harmoanika en immen sloech forwoeden op it slachark, efter de reek. Gûds songen mei, lûd fen: Die mooie molen en: Ik zoek een meisje. En twisken syn maten siet Germ to loeren: greate grille eagen boppe in glês bier, almar ús efternei. En wy dounsen mar en lústeren elkoar foreale wirtsjes yn 't ear. Joun wier se fen my, dy lytse wyldekat yn myn earms, moarn for myn part wer it rjuchtlik eigendom fen dy Germ. Yn 'e groun fen 'e saek liet se my stienkâld, yn myn hert, as ik sa'n ding ha, hie se gjin plak. It wier faeks gemien fen my, skynhillich, baetsuchtich, ik forrifele hjar mei in flutterich ôftreksel fen greatestêds-manearen. Ik mocht winliken wol in greate skurk hjitte, in fint sûnder hert, sûnder meiljen en sûnder gewisse. En dochs wier se ljeaf, o sa ljeaf. Nea hie in faem sa hartstikke ljeaf en sa troch alles hinne grien tsjin my west. Det ik skandlik misbrûk makke fen hjar folslein bitrouwen yn myn oprjuchtens en myn riddereftigens, der hie hja gjin erch yn. Se seach myn lakswiete Don Juan-pose oan for in utering fen wolmiende ljeafde en tagedienens. Miskien like 't der ek wol hwet op: ik wier min of mear bitúft yn soksoarte dingen.

— Maeike?

— Mm?

— Scoest my in tût jaen doare?

O det hier by hjar ear, sa waerm, sa sêft prykjend . . .

— Nou, hwet tochtst?

— Jawol fensels.

— Dêre den. Mar nou net wer skoajje, hear.

Ingel, ingel. En dochts liet hja my kâld, kâld as in stien. Ik hie de gek mei it hiele spil, goedbisjoen. It wier om yen in bochel to laitsjen.

— Geart?

— Ja? Mei weake bûging fen stim.

— Fynst my in bytsje ljeaf?

Jawis foun ik hjar ljeaf, o sa ljeaf.

— Hwet tochtst?

— Né fensels . . .

— Den bist mis. Dou bist in skat, in. . . .

Ik wit net hwet de ljue dy 't seagen tocht ha, do 't ik hjar tute, samar ûnder it dounsjen wei. En likemin hwet Germ tocht, mei syn tearen yn 'e holle fen it dreech prakkesearjen en útstinnen fen plannen. Ik wier bang for him, pûrbinaud. It wier ek gjin partuer: hy in gewûpsten boerefeint, like redsum mei syn ilige fûst as mei syn knyft. Ik in sloppe sukkel, ien sûnder hier op 'e toskan, in dekadinte boekewjirm, in Rjue Eale Hear. It barnde my yn.

En dochts: fierder boartsje. Oan 'e ein ta.

— Maeike?

— Nou . . .

— Sei't in bytsje om my jaen, joun?

— O jonge . . .

Do foel der in bierglêd oan diggels. Ik seach net krekt hwer as it barde, mar tichte by Germ en dy. Der foel noch ien en noch ien. Hwet hie det yn, trije kear efter elkoar? It moast in warskôging weze, in ultimatum, om dizze ûnsinnige en ûnsillige boarterij net fierder to driuwen. Ik hie de moed om to sjen. Germ siet foar him út to stoareagjen, by my lâns nei Maeike. Hy hie de hannen twisken de knibbels ûnder de tafel. Syn eagen stiene great en roun yn 'e brune troanje. Ik bisocht nochter nei to tinken. Mar 't iennichste der 't ik ta kaem wier: Myn eare forbiedt my bilies to jaen. Wy dounsen fierder, de douns in dream der 't wy ús yn optild fielden, in bjusterbaerlike dream fol heimsinnigens en driging. It fallen fen in glêd,

trije kear efter elkoar wier in tsjuster, needlottich teiken fen wankend ûnheil. It spriek dúdlik en funest. Mar ik leau det Maeike der gjin bilul fen hie, hò faei as 't der winliken foarstie. Ik hold myn earm biskermjend om hjar hinne en se kroep my yette tichter oan, mûlk eande se dochts hwet. Ik fielde hjar boarst hymjen. En ik tocht, yn ienen wer tige klear: Ik moat for hjar fjuchtsje, for dit earmeterich brokje mins det hjar oan myn skouder nestelet moat ik myn eigen hachje op it spil sette. It spil, just. Mar dochts: ik spriek mysels moed yn: Ala, den mar stjerre as 't oars net koe, myn hachje wier ek neat minder earmeterich as hjarres, as men der goed ynkaem. Stjerre, oft it de moeite wirdich wier of net. Is it faderlân kostberder realiteit as dit bange minskebern oan myn skouder?

— Hwêr tinkst oan, Maeike ju? Ofliedingsoffensyf fen myn kant.

— O . . . as Germ nou ris . . .

— Gêrm? Hwet Germ yn 'e goedichheid?

Gemien fen my, sok sizzen.

— Och, nou Germ, dou wilst wol . . .

— O dy . . .

En ik wiisde nei Germ, domdryst, hwêr't ik de moed fendinne hie. — Joast mei it witte. Germ syn eagen waerden greater, noch greater. Mar dochts wierd er dúdlik efkes forslein: soks hied er fen my net forwachte, iksels ek net. En foartdaliks wier syn each wer ien brok grime haet.

— To ju, bist gèk? hie se sein ûnderwilens. Ik hearde de wirden efterôf pas.

O hwet bearde det raer út hjar mûle, det: gèk. Det wier gjin wird for in ljeaf famke, sa'n fiskwivetoan . . .

— Mar hwet is der den dochts mei dy Germ, frege ik.

— Hy wol my joun thús bringe fensels.

— As dét alles is? Hy kin wol mear wolle. Ik scoe dy dochts thúsbringe?

— Hwet tochtst den det ik oait fen myn libben mei him woe? . . . As ik gèk wier!

Nou moast ik hjar einliken gek-forklearje. Det ik ek tafallich witte moast det hja al in wikemannich mei dy Germ omsloech. Mar hawar, de iene ljeagen lokket de oare út.

Do hold de harmoanika op, wy klapten yn 'e hannen, det

hearde sa. En hja klapte it fûlst fen allegear en it langst. En seach hoopfol nei de muzykmannen mei hjarren biswitte troanjes. Mar dy griepen nei in farsk glês bier, det skomjend rê stie.

En wy sochten kringend ús sit wer op, hân yn hân en praetten, folle net genôch. Mar ús herten bleauwen elkoar frjemd. Ik joech ommers neat om hjar, ik woe hjar allinne mar oan myn foetten krûpen en woeljen sjen, mei it sadisme fen in wreed tyran. En hja streake myn hân en knypeage tsjin my, as bigriepen wy elkoar wakker skoan. En hja hie der, lytse wyldekat, gjin aen fen ho faei as 't stie en ho gemien, trochtrape gemien as ik wier. Of wol?

— Ja fanke, wy geane nei hûs.

Ik tute hjar do't ik hjar yn 't gonkje efter de jachtweide de sjael omboun, hwet knoffelich yn 't healtsjuster. Myn hert, de bloedspier alteast, sloech lûd. En earm yn earm roun wy it paed del nei de feart. It frear bêst en de moanne stie roun en skerp as stiel twisken kâld en fierôf flûnkerjend stjerregûd. It waeide moai hird en wy hiene yn 'e wyn, seach ik wol, it scoe in hiele skouwer wirde. Mar to mar, men docht hwet . . .

Ik tute hjar ear 't wy op it bjinstap ús redens ûnder bounen.

— Ik bin sa bang, sei hja, hwette helpelas. Ik tute hjar yetris, út meilijen en om hjar moed yn to jaen, det wol nedich wier. En om tiid to finen my to ûntwinen oan it needlottich antwird: Ik ek, det my op 'e lippen laei.

— Bang, hwerfor?

— For Germ, fensels.

— En ik den? Tinkst det ik dy yn 'e steek litte scil?

— O né fensels, è né, — ik bin net bang, ju, det sei 'k er mar om.

— Ljeave skat.

Wy streken de opfeart del, do de greate feart op, ûnder de tille troch. Hja wier wirch, ik mirk it wol al sei se fen né, hja liet hjar meislepe en stie wakker slop op 'e ankels. Mar ljeaf bleau se, ynljeaf. Hielendal net gek. Det sadwaende tute ik hjar as se efkes losliet en stean bleau om út to pûsten.

— Moai sa to riden, fynst ek net? Moatst dy moanne ris sjen.

— Ja prachtich.

— O hwet fyn ik it fijn sa, mei dy. En hwet rydstou bêst! Ik scoe wol altiten sa trochride wolle, altyd.

In skat wier se, in ingel, en dochs joech ik neat om hjar. Alde ljeafdes, se hiene sa folle mear west as dit ienfâldige boarterijke, sa fol sensaesjes: in himelheech opfearten en in dûzeljende fal neittiid. Dit wier allegear sa deagewoan, sa plattelânsk, sa lef en lytsboargerlik, hjar praet, hjar permanintkrollen, hjar tûmwanten, hjar rûchwollen trui.

— Fynstou dy moanne net prâchtich, o moatst him ris yn det lâniis skitterjen sjen, krekt in spiegel.

Forhip, ho hiet dy earste H.B.S.-skarrel ek al wer . . .

Hja hearde neat en praette mar en frege, foar 't ljeave faderlân wei. Ja, ik studearre noch altiten yn Grins. Ja, ik snie sims ek yn deade minsken om. Ja, ik hie sims ek forkearing, as hja det nou pèrfoarst witte moast.

— Mei deftige frouljue?

— Ja.

— As ek wol mei sokke sleauwe tutten as ik?

— Ek wol.

— Hwerom bist sa koart?

— Och neat ju.

Ik koe wol flokke: Hâld dyn bek. Ik hearde it klear: in rider efter ús. De streken kamen neijeroan, noch in pear hûndert meter, skatte ik op 't gehoar. Mar 't koe ek wol minder wêze.

— Hwerom bigjinst sa to jachtsjen?

Fordomd, hie se der den wier gjin bigryp fen?

— O samar ris. Ik forbiet my.

It gyng swier hjar efter my oan to slepen. Hja hime en slingere, dea ynein. Trochpiele mar, it gyng om dea. Miskien det it noch slagje scoe en helje de bûren. En oars? Ik bitocht mei in wrange spyt, det myn kânsen lyts wierne, det ik myn ljeafdesbrieven net forbarnd en oare particularia net út 'e wei bringe kind hie. Do, det ik neat hie om my mei to war to stellen, net iens in mes. En earlik sein ek gjin lef. Hja hime mar en knoffele swijend en noedlik efter my oan, neat bigripend fen 'e sitewaasje. It wier in hopeleas ûndernimmen sa

in fûleindige fijan foar to bliuwen. Hja koe net mear en ik hie net de energy mear om hjar stikke to litten en der sels út to naeijen mei kûgelsfeart, steld ris det it my rêdde kind hie.

Do glied hjar iene reed út en hja foel op 'e knibbel, slierde in ein foart. Fen 'e weromstuit skeat it my yn 'e rêch. It spil wier forlern, ik hold yn en holp hjar oerein, se gûlde sêft. It skeat troch my hinne myn tsjinstanner lok to winskjen mei syn oerwinning, as gou it de tûzen meter. Do stiene wy. Ik leau det hja der noch altiten gjin weet fen hie. Mar it kin ek oars west ha. Yn alle gefallen, dit stuit wierne hjar wirge en seare skonken de slimste fijân, en de moanne en ik al heal forgotten.

Do hearde ik in skerpe kras yn 't iis efter my en fielden in bierwalm yn myn gesicht en foart dêrnei in wrede pine yn myn skouder. Maeike gûlde lûder, hja rôp hwet, ik dûzele nuver yn 'e rounte, fen pine oermastere. Ik seach de stjerren wyld om 'e moanne hinne dounsjen, in freugdedouns fen kannibalen om in forsleine blanke. Do sloech de moanne mei in helle ljochtfeech troch it lâniis. Ik stiek yn myn swaai yette in earm út om Maeike to helpen, mar hy foel werom, slop. Ik wier yn 'e wâlskant delsakke twisken hirde reidstoppels en biferzen sniekwalster. Ik hearde yn 'e sûs praten, mar forstie it net, wit net ho lang it dûrre, ik seach dingen diznich foar myn eagen forwegen, mar bigriep net hwet it wier. Do waerd it stil. Nei in skoftsje kaem ik sêftkesoan ta my sels en hearde Maeike en Germ freedsum togearre de feart delstreekjen. Grif hiene se it nou oer de moanne yn 't lâniis. Ik bleau sitten mei in holle fol lead, en mei in sloppe earm: oansketten fûgel mei in lamme flerk. En mei hwet fral en biljeaven net om 'e nocht wier: in ûntmoedigjende „failure in love”.

Miskien haw ik ek net oars fortsjinne.

SJOUK KOOPMANS:

FEN 'E WEMOED

Dû wémoed om hwet gien is, frjemde pine,
Yn blide bernejierren koe 'k dy net;
Nou scoe ik swalkje wolle en dy ûntwine,
Nou falst my faken as forrie om 't hert.

Dû warest Maitiids mei 't de fûgels keare
En de âlde abeel syn blêdden glinst'rje lit;
Rjue hjerst'ge jounen kin 'k dy net forneare
O wyn, dy 't yn 'e havene tûken sit.

Dû wierst mids rûz'ge droktme fen dy dagen
Dy 't lyk ûnripe fruchten yn myn tinzen stean —
— — — — —
Is 't wier, ha inkeld dichters dy to dragen,
Ho heech is de ynset den, ho skriel it lean.

Dû kaemst en gyngst en komst — neat kin dy bine,
Mar jimmer bist den master fen myn hert en liet —
Dû wémoed om hwet gien is, frjemde pine,
Lit my de rêst dy 't boppe eltse wiks'ling stiet.

MARTEN SIKKEMA:

1944

Hjoed leit ús âffears erf forwâdde,
Drinzge yn triennen en yn bloed;
Hjoed hearsket frjemd, en for ús âlde
Oerirven rjucht stiet nimmen noed.

Troch neare nachten slacht de lôge
Fen skoand're pleatsen yn 'e brân,
Us kij en hynders binn' fortôge,
En ûnrrant tierret oer it lân.

Us dochters slaevje yn frjemde wirken,
Net ien sjongt mear it âlde liet;
De âlden stjerre ûngemirken,
Uttard fen hûnger en fortriet.

Us soannen wirde, snoerre hannen,
Foartsleept, ef smoare yn hjar bloed;
Swier stiet de lears oer al ús lânnen,
En nimmen priizget mear it hjoed.

Bisterkje den de barrikaden,
Slypje tomûk it flymjend stiel;
De fijân tiist al yn syn paden,
Forrie en skande wirdt syn diel.

Hâld moed, God scil de wrâld regeare,
Hy merkt ús trien, ús snok, ús sucht;
Hy scil de fijân ringen keare;
Wer scill' wy libje, Him to 'n eare,
From en ienfâldich, sljucht en rjucht!

IN MEMORIAM

Myn frjeon, ik seach dy wol twisken safolle,
Dy wintermoarn op 't dizenige plein:
De eagen djipper yn 'e wite holle,
De mûle smel en bliedend; ik bin tein.

Ik hearde de kommando's yet fen fierren,
It slaen fen learzens op de doffe groun,
En 'k libbe hiel jim haet en hiel jim stjerren,
En 'k wist: jim fûsten wierne snoerjend boun.

Myn frjeon, dou stiest wol fêst; boppe jim hollen
Hat read de flagge fen oerwinning waeid —
Wier dêr myn plak? It lot hat sa net wollen,
Mar yn myn herte hat de hoanne kraeid.

(1943)

K. O. MEIJER:

LOFTFRONT

Wy hearden, earst hiel út de fierte wei,
In djip geroft fen fleantugemotoaren.
Ringen loeken formaesjes lange spoaren;
Wolkeft'ge streken kamen efternei.

Heech oer ús hollen namen hja hjar wei;
Ho swier de hûnderten mesinen kroaden
Aloan sjongend hjar dinderjende koaren,
Hweryn in deadelike driging laei!

Ynienen rattelt skerp en grym gesnau
Fen mitrailleurshalvo's; linich as snoeken
Yn flugge flecht de lytse jagers dûke...

Den — droant de ierde, rinkelje de ruten —
Mar stadich driuwe seis, saun parasjuten
As blanke fûgels troch it djippe blau.

SJOERD SPANNINGA:

MARIA MAGDALENA

Hja waerd forhúnd fen 't miene folk en skriftgelearden,
Opslûpen jonges smieten hjar smoarge wirden efternei.
Fen alle ljue, dy 't ljeaver oaren as hjarsels bisearden,

Fleagen de stiennen fen forachting lâns de smelle wei.
Hwent sjuch, dit foarrjucht hat ús frommen teikene en merke,
Wy sûndigje hwèt graech tomûk, mar mije 't ljochtskyndeil!

In wiif, det hjar net steurt oan houlik en oan tsjerke,
Det is den dochs wol hast it alderslimste, nou?
By sa'n ien wirdt men yn it gleone kwea mar sterke,

Det jowe wy ús, iepen, nea net mei sokke skepsels ou,
En harkje wy, de holle op 'e side, nei de wraek der Farizéên,
Hja ommers witte hwet de Heare takomt — en de frou.

As immen tsjoent mei eagen as fen harten en fen rêen,
Ef sydlings oanhâld siket by in haedman oer soldaten,
Den falt de wierheit foar yen iepen as it gêrs yn swêen,

Dêr hoege wy net fierders oer te preekjen en te praten.
Howol it gauris bart, det minsken hjarren liik forsinne,
De oaren den altyd, wy net fensels, wy útforkarde maten...

Mar just nei hjar, dy't aloan trape en forned're binne,
En helpleas as in bern hjar fiele yn dizz' wrede wrâld,
Giet faeks wol de forbirgen wysheit út mei goddelike minne,

It oardiel fen de greate mannichte det lit hjar kâld.
Hwent eltse siele, dy't hjar for de Ljeafde bûgt, scil dije,
En fynt by hjar it Libben wer, hjar oarsprong en bihâld.

Ho't ek de heechmoed en de waen hjar heimelik forspuije,
Hja wit forjefenis by Ien; hjar nardus is it leauwend herte,
En mei hjar hier scil se de triennen fen it lijen druije.

A. DEELSTRA:

FOR UB

Op 'e joun fen 'e Nasjonale Feestdei waerd to
Grins op 'e Greate Merk in fjûrwirk ôfstitsen.
De ruines fen it Skoltenshûs riisden as sym-
boalen fen it Tredde Ryk neaken en wreed
cerein.

En yn dy joun do't heech de fjûren lôgen
De pylken baernend barstten yn 'e loft,
It blide ljocht yn greate, brede bôgen
It folk oerstreamde, gearkaem op in kloft.

Dy jonne by de neakene sylhouetten
Fen 't Skoltenshûs — forbriz'le en forbaernd —
As wylde planten yn de nacht opsketten,
Ha dizze bylden ús ta ynkear maend.

Hwent op dy souder Ub, en yn dy kelder,
Dêr bistou martele en skopt en slein . . .
Mar jimmer bleau dyn geast by de forhoaren helder
En nea hastou ien ink'le namme sein.

En yn dy joun, by 't lêst oerwinnend lôgjen
Wylst de bifrijing oer ús hinne gie,
Wier't of der yn det ljocht — for elk to skôgjen
It byld fen dy en al dy helden stie.

K R O N Y K F E N I T P R O A Z A

ANNE WADMAN:

WIMER SJAERDA

Germaensk helt

G. Burgy, Biritsen Fjûr.
Brandenburgh, Snits 1940.

It koe wol hast net oars: Wimer Sjaerda moast de dreame-
helt wurde fen jonge en âlde fammen en fen opslûpen jonges
efkes boppe de Wildwestjierren, miskien fen noch mear stagen
út ús folksbistean. Hy is den ek hwet men neamt in keardel.
„Oersterk wierne se, de Sjaerda's. In krêftich folk, nei it lichem
en nei de geast". Hwa kin as Wimer fjuchtsje, skiifsjitte, reed-
ride, slajutslaen, sûpe, frouljue krije? Hy is yn ien wird de
Fryske ideaelman fen de fammeforbylding: sterk, mar earlik
as goud; baes yn 't fjuchtsjen mar fij fen messen en freedsum
as in laem; boer op en út, ek yn 'e forachting fen hwet oars is
as boer, mar ré ta de Canadeeske railroad; boartsjend mei
alle fammeherten, mar tearhertich amoereus as ienris de Greate
Ljeafde komt; as boer wol hwet rou, mar „net jerne rouwe
tael hearrend". Hwet wol men noch mear? De skriuwer neamt
him koart en goed de „Primus Interparus" en det is tige krekt,
fral as men wit hwet in „parus" is.

In eigenwize cinikus scoe faeks wol hwet fine to lekskoaijen,
byggelyks: „Wimer? . . . In Fryske stamboekman, nei model
knipt, opgnistere mei hwet romantyk fen healwylde hynders
en jarrebakken en sa hjir en dêr in kwits bloed-en-grounferve,
lyk as hjirre oer Wimer syn (mislearre) skoanheit: „It âlde
Germaenske tipe det noch allinne yn Fryslân, Noard-Dütsklân
en Skandinavië to finen is".

Mar lekskoaije is maklik, fral as men sels nea toand hat it
„better" to kinnen. Wittenskip is op 't lêst wittenskip en dy
frucht is goedkeap op 'e karre, langer. En 't is mar sa 't is:
de hear Burgy hat in tige helder ynsjuch yn bloed- en rasse-
saken. Hy heart net omdôch ta de „Primi Interpari" fen de

Nije Oarder. Hy wit hwer't Adolf de moster hellet. Hear mar ris: Wimer syn mem wier „Ien fen dy swarthierrige, brún-eagige famkes, dy 't yn it bloune Fryslân sa frjemd oandogge. Dy't net allinne nei it uterlik, mar ek nei it aerd, troch hjar útlitten natuer sa folslein mei it fryske wêzen brekke, en by hwa 't de histoarjeskôger jerne ris stil stiet om in forklearring fen dit romaenske yntermezzo yn de Frysk-Germaenske skiednis to sykjen. In yntermezzo lykwols det, alle rasgreatskens ta spyt, mei nocht waernaem wirdt.”

Sa 't men sjucht: Fryslân is germaensk en ljocht („bloun” hjit det tsjintwirdich, 25 jier nei Douwe), mar hjir en dêr doarmet sa'n aerdich romaensk skandflekje det de wolkomme pertalens hat om roetswart to wêzen. It wyt dominearret tige, det gefaer for it ras scille se net opleverje en oars kin men se as skriuwer maklik fortsjustermoanje troch se oan 'e tarring stjerre to litten.

Wimer is as bern al helt. Hy is it suver op side ien al as syn romaenske mem (hja hjit trouwens Roarda, mar tomar, de a is noch al Spaensk) fen him yn 'e kream leit. Men fielt it oan 'e giseljende wynwizers: hjir komt in Great Man to wrâld. En it is sa: „It like wol of 't de natûr, dy 't soms sokke winige, balstjurrige dingen dwaen kin, miend hie yn Wimer alle lichemseigenskippen dellizze to moatten, dy 't yn de omjowing hwer 't hy libbe mar to pas kamen.” Knap fen dy natûr, hwent oars hie Wimer net Wimer warden, dit boek net skreaun west en de Fryske litteratûr in rike oanwinst earmer.

As mulojonge rekket ús helt den effen út 'e koerts. Hy for-Gerdykt nammenlik in bytsje en det is slim for in Terwispeder. Mar . . . de boer yn him stjert net, fensels net, hwent it boerelibben is nou ienris wol hwet rouwer mar ek „wierhaftiger en earliker” as det fen skoalmasters en théfabrikanten.

Nei dizze tydlike ôfdwaling leit de jongfeint him den nêst boerkjen en tammeitsjen fen wylde gudzen ek prinsepeal út op it defloarearjen fen „omtrint alle aerdige fammen yn Fryslân” (as wy it goed foar 't forstân ha). En hokker jongfaem fen fleis en bloed scoe net graech it „heechste hwet in frou to jaen hat” oan sa'n oerfryske ladykiller en folbloed krêftpatser kedo jaen? Mar it bifrediget ús don Jan fen de Dongwein net. As se det niisneamde „heechste” oan him spandearre ha, den

„kin er se net mear forneare”. Det is spitich for Wimer en noch spitiger for dy goederjowske frouljue, mar tomar, men is stamboekman of men is it net. En de hynst fen Nijtap kin him ek net bikroadzje om de mûglike gefolgen fen al syn aventûren. Dizze lichemseigenskippen kamen nou ienris yn hjarren omjowing to pas.

It is dúdlik: Wimer sjucht langhalzjend út nei de „Echte”, de „Wiere”, de „Iennichste”. En fensels, se komt ek, oars hie hjir 't forhael al út west by brek oan aktyf en woe gjin mins it lêze. De Nijtapster dekhynst, in lekke bân, in pear foarken, in tagediene keapman Brjucht, in briefke . . . en den giet it op Koaten los. Nynke hjit se, „Moai is se, yn ien wird. Under in slop striehoedtsje wei falt it dünkere hier leech del yn de nekke.” Al wer sa'n (tige mei nocht waernaem, mar aventûr op 'e tarring habbend) rasseskandflekje. Mar de heit is rassuver, seagen wy nyskes al en hat boppedet in bêste pleats. Wimer is wei fen Nynke (dy pleats licht der ek net om, oars!) en ús yn't sâlt bibiten ladykiller mei syn forline fen 1001 wylde nachten wirdt hommels weak en ethysk foreale as in poddehierpuber fen 15, hy tinkt net mear oan in „heechste” det oars ek Nynke him mûglik wol jaen kind hie. Hwent dêr stiet hja by him to „heech” ta, sjuch.

De earste fytstocht is den ek in idylle fen suverens en keinens en kin ús sadwaende yn 'e finesses biskream wirde. „Yn 'e hoeke fen de serre stiet in automaet. De jongfaem giet der op ta, triuwt der in jildstikje yn en komt mei in forpakt (jong!) stik sikelade werom, det se yn hjar taske docht. Sjesa, den ha wy ek hwet for ûnderweis.” Is it net oandwaenlik fen ljeavens, sa'n memmige soarchsumens for in stamboekman dy 't men noch gjin kertier lang bisnuffelje kind hat? (yn 't geastlike altyd). Mar Nynke is den ek tige nayf en, hwet fen dy 1001 frouljue mei it „heechste” op in prissentearblêdtsje net ien oandoarst: samar op klearljochtskynde mei him yn 'e barm delsakje, det docht ús skoaljifferke mei de slabbe foar fen 20 jier út klearbare bernlikens en ûnskild. Hja falle dos twisken de strewellen, mar net om it „heechste”, mar om eat noch hegers: hja boartsje „Reus” en „Tûmke”, det in alderivichst moai famke is.” „En,” seit Wimer, ien en al ûnboerge Courths Mahler-romantyk op dit stuit (for him

„ien fen de moaiste skoften tiid“ fen syn libben!): „nou wit ik net as det famke der biswier tsjin hat, mar de reus hat honger . . .”

O, de sûkelade, tinkt de ûnskildige lêzer. Nê, dôchs noch it „heechste“, prottelet ús brimstige en oerginstige cinikus. Beide mis: „it lytse bekje, det net sé seit“. De honger saksearret en de frijerij forrint op 't lêst (hwent oars scoe 't forfelend wirde, sûnder det „heechste“ yn 't foarútsicht!) yn in soarte filosofysk petear, der 't de Fryske skriftekenisse eare mei ynleit, sa oarigineel binne de wierheden, hjir hinne en wer keatst: „Hwet kin in minske mei in bytsje al lokkich wêze“ — „Ja, hwet tominsten yn syn eagen den in bytsje is. Mar it is safolle (bûten dy eagen den). En it is for jild net to keap . . . it echte lok net.“ De sûkelade rekket ûnder de bidriuwen troch alhiel yn 't forjittersboek, sa swiet binne tuten en petear.

It wirdt forkearing, fensels, det koe net oars. „Nea hat der in faem yn syn libben west, dy 't sokke fielings as nou, by him wekker roppe koe.“ „Skoften leit er noch to tinken. Oer Nynke, ho moai en ho ljeaf se is. En den sa nayf en bernich, en dêrfoaroer sa fiks en sa rislút.“ Hy fortelt it oan in maet, wol gjin boeresoan, mar lykwols der ta utkard: „Hy moast der mei immen oer prate. Hy kin det greate lok net for him allinne hâlde.“ Men scoe suver sizze: Dy Wimer koe wol wer yn 'e wufte en dekadinte sfear fen de Gerdyk bilânne wêze, sa hat it him to pakken, mar nê: hy bliuwt boer, wierhaftich en earlik. Sjuch mar ho't er de jonge Kroalik en ho't er de struners en messehelten fen Koaten lyts kriget.

Mar eilaes . . . nôch hie it boek net skreaun wurde hoechd as net op in kweade dei it blêdtsje omkeard waerd en alles yn 'e hobbek rekke. It heimsinnige Biritsen Fjûr brekt los út Wimer syn dimmen en tearhertich foreale stoflik omskot en hy „forjit“ him by de faem, Jits, in geile fodze, dy't it der fensels al jierren op oanlein hie de soan fen de boer yn 'e ûngroun to lokjen. Det giet sa: Op it skoallefeest lit Jits hjar frijer, de earne Jan Sûkerprik yn 'e steek en giet mei in vulgair Luwarderjende draeimounleman „op 'e sweef“ dy't it ûnfor-

hoalen op hjar „heechste“ forsjoen hat en wirdt om sa to sizzen rêdden troch de helt Wimer. Togearre geane se nei de pleats, troch de soelige brodzige joun. En den bart it forskriklike. De skriuwer wirdt der sels kjel en blomryk fen: „De natûr nimt hjar rjuchten yn alle folsleinens. It kraeljende reade bloed lit him net langer bitwinge . . . Heechop slacht de lûge fen de hertstocht en forskrooit mei syn gloede alle bisinning . . .”

Wimer Sjaerda hat syn lok forsmiten. It Biritsen Sjaerda-fjûr wirdt him needlottich. Hy stiet forwêzen by de púnheaven fen syn ljeafde . . . Swiere strûd folget. It wirdt sels lyrysk bytiden: „Wimer is sa-to-sizzen (kostlik is dy forûntskildiging!) hinne-en-de-wer smiten fen de brilloftwille nei de smertepine, dy 't yn de lêste dagen syn herte toskoert en nou mei in wrede wearpine oan syn hiele wêzen smert.”

Hy skammet him, hannelet as in man fen eare en skriuwt de ljeave, ûnskildige Nynke ôf. De dingen ûntjowe hjar den fierder mei fatale needsaek. Hy sjucht noch kâns om de faem Jits, dy't it „heechste“ ek al oan Wimer syn „oersterke“ heit (nei lichem en geast) joun hat en der hwet for weromkrige, to keppeljen en de fen hjar earst forspeine slûge Jan Sûkerprikke, dy 't hjir mei as remplasant de „rol fen in Don Quichot“ spilet (hwer 't dy earne ridder de la Mancha ek al net goed ta is, ytlike ieuwen nei syn dea), hat noch in petear mei it kammeraatske Sjouk, det miskien de iennichste forstannige wirden seit út it hiele boek en makket noch ienkear, wanhopich fjuchtsjend tsjin de Noardewyn en tsjin in twade. Ik yn him det oars wol as syn earste Ik, in illegaal slûperke nei Koaten, der 't er Nynke bigloerket yn hjar boudoir en „Farwol“ op 'e kezynstille skriuwt.

Den fordwynt ús modelgermaen yn 'e steppen fen Canada.

Sa't men sjucht: spanning en sensaesje gjin brek. En it boek lit him den ek tige lêze. fral fen âldfammen, bakfischen en ljue mei in minderwaerdichheidskomplex yn it seksuele of yn it heroysk-Germaenske. It is ek speesjael for sokken skreaun: as treast for hjarren tokoartkommings en misse reizen en om wer moed krijen. It procédê is ek sa ienfâldich en bigryplik:

Men nimt in Germaen, pronket him op mei alles hwet in Germaen siere kin, lit him der oan 'e hoasbannen ta yn lâns gean en op 't lêst, as it greate lok komt, him det as in echte Germaen (dy 't „dôfhûdich tsjin himsels stiet“) yn diggels smite troch ûnforhoedsk oplôgjende Fjûren as warleaze wirk-tûgen fen it greate nordyske Needlot.

Men klaeit dit stylfol yn mei hwet lokale opnaeisels speesjael for Gerdyksters en Terwispelders, sjucht it út'en rûgen hwet mei it Frysk to roaijen (it komt ek net sa krekt: as men mar rynsk is met it rounstruijen fen passive foarmen mei „wirdt“ en fen ditsoarte moaijichheden: „hwet de frou sizzen docht, hwet Wimer sizzen docht, hwet Nynke sizzen docht, hwet fierder efter elkoar Siger sizzen docht en de Weinmakker en Wimer yetris en de Skutter en miskien noch wol mear ljue sizzen docht), — en sje dêr in tankbere oanwinst for folksbibliotheken en lêsrouten. Nou kinne se mar rydboskje fen genot en beare: Sjuch hjir de man dy 't reälist is en gjin doekjes wynt om it „heechste barren yn 'e natûr“ ûnforskillich as it dekhynsten jildt of biritsen fjûroanstekkers en dy't der dochs ek wer yn sokke moaije frijsinnige jeugdbiwegings-euphemismen om hinne prate kin. Dit is echt hwet men ha moat: net hielendal neaken, mar mei in doekje det der hwet los om hinne wynderet. En de losfêste morael: it Kwea fen de Hertstocht straft himsels, mar dochs: it Libben is nou ienris faek sa, en det meije de Fryske lêzers nou sa fier is 't hinne ek wol witte.

Hielendal moai wirdt it as der den nôch in Germaen mei tige wolkomme romaenske ynslach forskynt en dy set it hiele saekje oer yn 't Nederlânsk, det ek notarissen en Hollânners meiprate kinne oer ús Frysk-germaenske heroyk, for safier se to nayf binne om der soun en noflik de gek mei to habben.

Oct. 1944.

